

swimwetterkwaliteit binne ferdield oer gemeenten, lokaasjehâlders, wetterbehearders en provinsje. De provinsje hat in regyrol om te kommen ta útfiering fan de maatregels.

Skjin en goed tagonklik swimwetter is in wichtige ambysje foar ús provinsje, dy ambysje is ek yn de Omjouwingsfisy opnommen. Yn it Regionaal Wetterprogramma is ek opnommen dat wy yn Fryslân ta mear swimlokaasjes komme wolle.

Fraach 2:

Op de offisjele swimplakken dy't oanwiisd binne troch de provinsje jildt in posityf of negatyf swimadvys³ en op guon bysûnder gefaarlike plakken jildt in swimferbod. Op alle oare plakken jildt dat no net en kin swommen wurde.

Is it kolleezje fan miening dat ynwenners en oare rekreanten benammen bûten de offisjele swimplakken yn begjinsel in eigen ferantwurdlikheid hawwe en de mooglikheid hawwe moatte om sels de risiko's yn te skatten?

Antwurd fraach 2:

Swimme bûten de offisjele (troch de provinsje oanwiisde) swimlokaasjes is primêr in ferantwurdlikheid fan de rekreant. Ek by de offisjele swimlokaasjes is it de ferantwurdlikheid fan de rekreant om, op basis fan de beskikbere ynformaasje en advys, in ynskatting fan mooglike risiko's te meitsjen.

It foech fan de provinsje leit yn it oanwizen fan de lokaasjes en it ôfjaan fan swimadvizen. Wy hawwe as oerheid de taak om aktuele ynformaasje oer de feiligens en de wetterkwaliteit op de oanwiisde swimlokaasjes fia ferskate kanalen oan in breed publyk bekend te meitsjen.

Fraach 3:

Neffens it artikel yn Trouw mei it swimmen op net-offisjele swimlokaasjes net 'gedoogd of gefaciliteerd' wurde troch de oerheden. Dat soe yn striid wêze mei de Europeeske Swimwetterrjochtline⁴. Dy rjochtline is fan tapassing op 'alle oerflaktewetter wêr't, nei ferwachting fan de foechhawwende autoriteit, in grut tal minsken swimme sil, en wêr't swimmen net permanint ferbean is of wêrfoar't gjin permanint negatyf swimadvys bestiet.'

Is it kolleezje it mei de FNP Steatefraksje iens dat út de bepaling folget dat de rjochtline net fan tapassing is op it grutste part fan it Fryske swimwetter, wêr't ommers net in grut tal minsken swimme?

Antwurd fraach 3:

Ja. Wy binne it dermei iens dat de Rjochtline net fan tapassing is op alle oerflaktewetter, dêr't ynsidinteel op in sinnige dei troch in tal rekreanten swommen wurdt. De lokaasjes dy't yn 'e beneaming komme om troch de provinsje as offisjele swimlokaasjes oanwiisd te wurden, binne: dêr wêr't der tsientallen minsken struktureel swimme, wêr't de wetterkwaliteit oan de noarmen fan de swimwetterrjochtline foldocht, wêr't beskikbere ynfrastuktuer of fasiliteiten oanwêzich binne en wêr't maatregels nommen binne om it swimmen te befoarderjen.

Fraach 4:

Wol it kolleezje der yn oparbeidzjen mei de oare oerheden foar soargje dat swimmers ek yn de takomst bûten de offisjele swimplakken swimmen bliuwe kinne

Antwurd fraach 4:

Swimme bûten de offisjele swimlokaasjes, en wêr't gjin swimferbod jildt, is in ferantwurdlikheid fan de yndividuele boarger. Lykas oanjûn yn de provinsjale omjouwingsfisy, set de provinsje derop yn om it tal offisjele swimlokaasjes te fergrutsjen. Op dy oanwiisde swimlokaasjes kin de rekreant maklik aktuele ynformaasje oer de feiligens en de wetterkwaliteit garje.

Mei rju heechachtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A. Schepers, MSc, sikretaris

¹ Leeuwarder Courant, 'Opinie: Jaag de zwemmer ~~niet~~ uit het water met boetes' en 'Slecht water, toch lekker zwemmen', 15 augustus 2022;

² Trouw, 'Overheden gaan wildzwemmen in open water indammen', 10 augustus 2022, sjoch ek: Binnenlands Bestuur, 'Overheden gaan wildzwemmen reguleren', 11 augustus 2022; Omrop Fryslân, 'Wurkgroep wyldswimmen opset, mar advys bliuwt: Swim op oanwiisde lokaasjes', 13 augustus 2022;

³ [Feilich, foldwaande en skjinn wetter | Fryslân](#)

⁴ Rjochtline 2006/7/EG, 'Zwemwaterrichtlijn', ymplementearre yn de Wet hygiëne en veiligheid badinrichtungen en zwemgelegenheden.